

Utnûging foar de gearkomst op **sneon 12 okt. 2019**, de middeis om 13.30 oere yn **TRESOAR**, Boterhoek 1, Ljouwert. **Pas op: yn Tresoar!!!!**

Parkeare kinne jo yn de parkeargaraazje Oldehoofsterkerkhof.

Wurklist, wy sykje noch in notulist, belje mei skriuwer: 0515 559597

1. **Iepenjen,**
2. **Meidielings en ynkommen stikken.**
3. **Ferslaggen** fan 9 maart en 30 maart (bylagen)
4. **Nije notulisten** foar it kommende ferieningsjier
5. **De Martena's yn Fryslân,**
troch: **Marjan Brouwer en Henk Popma** (hjr njonken)
6. **Skoft**
7. **Twadde helte fan de lêzing**
8. **Omfreegjen**
9. **Sluten**

Data 2019/'20: 21 septimber (mienskiplik reiske mei NGV), **12 oktober, 2 novimber** en **30 novimber** (jierboek), **4 jannewaris, 1 febrewaris, 14 maart** (mei NGV) en **4 april 2020**.

Oant 12 okt.,
Dr. Jabik van der Bij (skriuwer.)

De Martena's yn Fryslân

troch: **Marjan Brouwer en Henk Popma**

Hoe kaam it earst relatyf ûnbekende geslacht Martena oan har macht en besit? Ien fan de earsten fan de Martena's dy't in belangrike maatskiplike posysje krige wie Hessel fan Martena. Wa wie hy en hoe is it him slagge en krij safolle macht en ynfloed? Ha lettere generaasjes dêrfan profitearre?

Der is ek Doeke fan Martena, dy't bekend is as de admiraal fan Fryslân en in steunpilaar wie fan Willem fan Oranje yn de striid tsjin Philips II. Martenastate der't hy wenne hat, bleau fia syn pakesizzer oan't 1895 ta yn it besit fan syn famylje. Earst de Burmania's en letter de Vegilins van Claerbergens.

Op de foto: *Catharina Entens, de pakesizzer fan Doeke Martena, de admiraal fan Fryslân. Sy troude mei Sjuck fan Burmania en waard de mem fan de famylje dy't oant 1894 ta Martenastate yn Koarnjum bewenne hat en yn eigendom hie.*

Foto: Fries Museum, Ljouwert - Bruikleen Stichting Familiebezit de Bordes.



Marjan Brouwer is histoarikus en konservator yn Museum Martena yn Frjentsjer. Foar de skiednis fan de sechtjende en santjinde iuw kin men har nachts wekker meitsje.

Henk Popma is histoarikus en wie lerarenlieder oan de NHL yn Ljouwert.

Beide ha meiskreaun oan it boek: Martenastate, proeftuin van het Paradijs? dat ferline jier november ferskynd is by útjouwerij Wijdemeer yn Dokkum.

Henk Popma en Tjitte Kamminga hâlde koart derfoar (7 okt. om 19.30 oere) in foardracht oer Martenastate en Koarnjum yn MFC De Skal yn Stiens. Beide foardrachten folje elkoar oan.

Tresoar Boterhoek 1, Ljouwert. Parkeare mooglik yn de garaazje Oldehoofsterkerkhof. Sjoch ek de webside: <https://www.fryske-akademy.nl/nl/genealogy>

Belangstellenden binne fan herte wolkom op dizze gearkomst!

Tagong fergees